

## **Nije Europeeske projektsubsydze foar kennisintrum Mercator**

**It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, ûnderdiel fan de Fryske Akademy yn Ljouwert, hat in Europeeske subsydze krigen foar it projekt OWL+, 'Ownership and Leadership: Pathways for (Endangered) Languages' Use in School'. Yn oparbeidzjen mei kennisynstituten yn Portugal, Noarwegen, Letlân en Estlân sil Mercator de kommende trije jier as projektkoördinator wurkje oan de ûntjouwring fan learmiddels foar dosinten om bedrige talen in plak te jaan yn it klaslokaal.**

It doel fan OWL+ is it ynnovearjen fan de ûntwikkeling fan ûnderwiisprogramma's foar en oer bedrige talen troch dizze yn in kontekst te pleatsen binnen it grutte gehiel fan taalferskaat yn Europa. De fokus leit dêrby op it beskikber stellen fan praktyske ynstruminten om te helpen de oerdracht fan de taal te befoarderjen. It projekt sil ynstruminten en middels ûntwikkelje om learplannen te fernijen en materialen oanbiede dy 't learkrêften en opfieders yn steat stelle om bedrige talen in plak te jaan yn harren klaslokalen en oare learomjouwings. Om 't bedrige talen beskôge wurde as in fitale sosjale faktor foar in mienskip, rjochtet it projekt him njonken skoalpersoneel ek op mienskipsliders, dy 't in yntegraal ûnderdiel foarmje fan de stipestruktuer fan bedrige talen.

It projekt is no yn de opstartfase. Uteinlik sille ûnderwizend personeel en mienskipsliders fan gebieten mei minderheden en bedrige talen gebrûk meitsje kinne fan de fergese materialen op de projektside. Dat omfettet fansels de taalmienskippen dy 't ferbûn binne mei de projektpartners: Minderico, Fala, Súd-Saami, Frysk, Latgaliaansk, en Võro.

De subsydze dy't Mercator en har projektpartners krigen hawwe, komt út it ErasmusPlus-programma fan de Europeeske Kommisje, ornearre foar projekten op it mêd fan ûnderwiis, oplieding, jongereinsaken en sport. De projektpartners binne it Interdisciplinary Centre for Social and Language Documentation (Portugal), de Nord Universiteit yn Bodø (Noorwegen), de Rêzekne Academy of Technologies (Letlân) en de Universiteit fan Tallinn (Estlân).

### **Oer it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen**

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen makket diel út fan de Fryske Akademy en ûndersiket meartalich ûnderwiis en taallearen yn Europa. It is in ûnôfhinklike en erkende besoarger fan kennis en ynformaasje. As ûndersyksynstituut makket Mercator tankber gebrûk fan de mooglikheden dy't de Fryske sitewaasje biede kin as in laboratoarium fan meartalichheid. Tagelyk makket Mercator foaroprinnend ûndersyk en nijsgjirrige ûntjouwings út minderheidstalenregio's tagonklik foar beliedsmakkers en oare belanghawwenden yn Fryslân.

### **Mear ynformaasje**

*Projektwebside:* (wurdt oan wurke)

*Mercator Europeesk Kennisintrum:* <https://www.mercator-research.eu/>

*Projektpartners:*

- [Interdisciplinary Centre for Social and Language Documentation](#) (PT)

- [Nord University](#) (NO)
- [Rēzekne Academy of Technologies](#) (LV)
- [Tallinn University](#) (EE)

---

NL

## **Nieuwe Europese projectsubsidie voor kenniscentrum Mercator**

**Het Mercator Europees Kenniscentrum voor Meertaligheid en Taalleren, onderdeel van de Fryske Akademy in Leeuwarden, heeft een Europese subsidie gekregen voor het project OWL+, 'Ownership and Leadership: Pathways for (Endangered) Languages' Use in School'. In samenwerking met kennisinstituten in Portugal, Noorwegen, Letland en Estland zal Mercator de komende drie jaar als projectcoördinator werken aan de ontwikkeling van leermiddelen voor docenten om bedreigde talen een plek te geven in het klaslokaal.**

Het doel van OWL+ is het innoveren van de ontwikkeling van onderwijsprogramma's voor en over bedreigde talen door deze in een context te plaatsen binnen het grote geheel van taaldiversiteit in Europa. De focus ligt daarbij op het beschikbaar stellen van praktische instrumenten om te helpen de overdracht van de taal te bevorderen.

Het project zal instrumenten en middelen ontwikkelen om leerplannen te vernieuwen en materialen aanbieden die leerkrachten en opvoeders in staat stellen om bedreigde talen een plaats te geven in hun klaslokalen en andere leeromgevingen. Omdat bedreigde talen worden beschouwd als een vitale sociale factor voor een samenleving, richt het project zich ook op gemeenschapsleiders die een integraal onderdeel vormen van de steunstructuur van bedreigde talen.

Het project is nu in de opstartfase. Uiteindelijk zullen onderwijzend personeel en gemeenschapsleiders van gebieden met minderheden en bedreigde talen gebruik kunnen maken van het gratis materiaal op de projectpagina. Dat omvat natuurlijk ook de taalgemeenschappen die zijn verbonden met de projectpartners: Minderico, Fala, Zuid-Saami, Fries, Latgalië, en Võro.

De subsidie die Mercator en haar projectpartners hebben gekregen, komt uit het ErasmusPlus-programma van de Europese Commissie, bestemd voor projecten op het gebied van onderwijs, opleiding, jongerenzaken en sport. De projectpartners zijn het Interdisciplinary Centre for Social and Language Documentation (Portugal), de Nord Universiteit in Bodø (Noorwegen), de Rēzekne Academy of Technologies (Letland) en de Universiteit van Tallinn (Estland).

### **Over het Mercator Kenniscentrum voor Meertaligheid en Taalleren**

Het Mercator Europees Kenniscentrum voor Meertaligheid en Taalleren, onderdeel van de Fryske Akademy, onderzoekt meertalig onderwijs en taalverwerving in Europa. Het is een onafhankelijk en erkend kenniscentrum voor beleidsmakers en andere belanghebbenden. Als

onderzoeksinstituut maakt Mercator dankbaar gebruik van de mogelijkheden die de Friese situatie biedt als een laboratorium van meertaligheid. Tegelijkertijd maakt Mercator toonaangevende onderzoeken en andere interessante ontwikkelingen uit andere minderheidstalenregio's toegankelijk voor Friesland.

### **Meer informatie**

*Projectwebsite:* (wordt aan gewerkt)

*Mercator Europees Kenniscentrum:* <https://www.mercator-research.eu/>

*Projectpartners:*

- [Interdisciplinary Centre for Social and Language Documentation](#) (PT)
- [Nord University](#) (NO)
- [Rēzekne Academy of Technologies](#) (LV)
- [Tallinn University](#) (EE)